

Gans Anders

Skreaun foar it program "De Skeane Ein & Co"
fan kabaretploech "Ratatette" yn 1994
Utbrocht op de trûbadoers-cd "Der Tuskenút"

se kamen yn Fryslân te wenjen	Dm	A7
hiene beide in bril op 'e noas	Dm	A7
mar hy wie dan ek brilleferkeaper	Bes	F
yn de saak fan Hans Anders, wa oars	G7	C7
yn in arbeidershûs op 'e romte	Bes	F
tusken beammen en sleatten fol kroas	Dm	C
dêr hâlden se in guoske as hiemhûn	Bes	F
en dy hiet fan Gans Anders, wat oars!	G7	C7

hy gie lange dagen te wurkjen
by har thús wie it iensum en stil
foar de feroaring beseach sy har libben
hyltyd faker troch buorman syn bril
en doe't hy op jûn let fan't wurk kaam
doe waard er sa ôfgrysluk boas
want op it nachtkastke dêr lei in bril
mar dy wie net fan Hans Anders, dy wie oars!

it arbeidershûs stiet te keap no
de bewenners bin al wit hoe fier
en it ûnskuldich guoske Gans Anders
is ek stil wurden, by de poelier
elk mins draacht in byld fan syn libben
mei him mei as in bril op 'e noas
mar pas op!, as dy bril in frjemd merk hat
wurdt it libben gans anders, gâns oars!